It Fryske tydskrift foar bern yn de middenbou

Tsjil

Boeken en bisten



HOKKER BOEK STIET YN DYN SPOTLIGHT?

WA WIE NYNKE FAN HICHTUM?

KELVIN HÂLDT FAN BYSÛNDERE BISTEN

Kensto Tys Tekkel noch?

Utstapkes yn de hjerst

Pumpkin spice cupkes

Spesjaal foar de middenbou

MB1

Jiergong 30
oktober - novimber 2026

Ynhâld

3 **Kom fierder**
Foarwurd en poster

4 **Gedicht**
Tys Tekkel

5 **Sjoch my**
Kelvin hat bysûndere bisten

6 **No sa!**
Poezeboekewike

8 **Efkes foarstelle**
Spinnen

9 **Der op út**
Tips om op stap te gean

10 **Koart ferhaal**
In hiel sirkus

12 **Tsjek dit**
Aardige weetsjes

14 **Nij spultsje**
Ien wurd

15 **Resept**
Pumpkin spice cakejes

16 **Boeketips**
Hokker nij boek silsto lêze?

17 **Lêsbingo**
Dochsto mei?

18 **Sydstrjitsje**
Nynke fan Hichtum

19 **Puzelside**
Puzels en Praat mar Toaniel!

20 **Strip**
Josje yn it museum







Tsjil is in tydskrift foar learlingen fan de middenbou fan 'e basisskoalle.

Haadredaksje:
Tjitske van Akker en
Gabrielle Terpstra
Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra
Opmaak:
Dandez (Daniël Gerritsen)
Foto foarkant:
Jacob van Essen, Fotoburo
Hoge Noorden

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten
088 0200 300
tsjil@cedin.nl
ISSN: 1389-348X

Tsjil is fergees oan te freegjen fia www.taalplan.frl/oanmelde. It tydskrift foar de middenbou wurdt twa kear yn it jier as klassepakket útjûn.
De digitale ferzy is te finen op www.cedinonderwijs.nl./tsjil

De redaksje fan Tsjil hat besocht om fêst te stellen wêr't byldmateriaal weikomt om de fereaske tastimming foar publikaasje te krijen. Elk dy't lykwols tinkt rjochten te hawwen, kin kontakt opnimme mei tsjil@cedin.nl.

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's. Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko, SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Boeken en bisten

Hoi! Ik bin Gabriëlle en ik help Tjitske by Tsjil. Dêrom komme jimme my de kommende tiid wat faker tsjin yn Tsjil. Ik skriuw boeken, ik hâld fan lêzen en hûnen. Dat is tafallich! Dizze tsjil giet oer boeken en bisten.





Ik ha sels in hûn, Spock. Se is al alve jier âld en hat hiel grutte earen. Se hâldt fan iten, sliepen, rinne yn de bosk en mei ús mei yn 'e auto. Dat iten nimt se trouwens hiel serieus. Sa hat er koartlyn chips stellen fan in berntsje fan twa jier. Gelokkich die se it hiel leaf. Jaja, in leave dief, it bestiet. Myn oare hûn, Snowy, wie ek gek op iten. Sy is der spitigernôch net mear. Se wie sa gek op iten dat se har op in dei midden yn 'e stêd foar in kream mei hin op 'e grûn falle liet. Ik koe har net mear foarút krije en moast har as in dweil efter my oan slepe, wylst elkenien yn de stêd nei ús seach. Sy woe gewoan dy hin ha.

Yn dizze Tsjil kinne jim hiel wat gekke bisten tsjinkomme, mar der falt ek in soad te lêzen oer boeken! Sa ferjitte we de berneboekewike net sa gau. Wat lêze jim? Sels gean ik foar *Hotel Zweefkees*, Wytske skriuwt op side 12 oer *Meester Kikker* en Tjitske kiest op side 16 foar *Anton yn it museum*.

Groetnis,

Gabrielle

Poster

Bisten kinne der o sa ing, skattich, leaf of gefaarlik útsjen. Faak binne se ek ergens hiel goed yn. Hingje de poster yn jimme klasse of skoalle op en fertel inoar hokker biste-superkrêft as jimme wolris ha woene.



Gedicht

Tys tekkel

Wy hawwe thús in tekkel en hy hyt fan Tys
It is in âlde sneuper, hy is altyd fiis
Siet juster op 'e kop yn 'e jiskesek
Fan al dy smoarge troep krig' hy is seare bek

No hat er oeral pleisters, pleisters op syn poatsjes
pleisters op syn snút en hy komt de hiele dei de koer net út
No blaft er wat earmoedich mei syn seare bek
'Ik kom fansels no noait wer yn sa'n jiskesek'!

Tys Tys Tekkel, koe it wier net litte
Tys Tys Tekkel stuts syn noas echt oeral yn
Want Tys Tys Tekkel, woe sa hiel graach witte
Sit der faaks wat lekkers foar Tys Tekkel yn?



Út: De bisteboel fan Omke Roel
Utjouwerij AFUK

Troch Hindrik van der Meer

Yllustraasje fan Natascha Stenvert

Sjoch my

Kelvin hat bysûndere bisten



Kelvin is acht jier en sit yn groep 6 fan de Staetlânsskoalle yn Tsjom. Hy hat in hiel bysûnder húsdier: in burdagaam mei de namme Leo. Mar Leo is net it earste bysûndere bist dat Kelvin hie.

Hoe kaamst by in burdagaam?
'Myn buorlju hawwe ek burdagaam en hiel wat oare reptilen. Se hawwe bygelyks slangen, skyldpodden en skorpioenen. Sa waard ik fereale op in burdagaam. Mei myn sparjild haw ik in moai terrarium kocht yn de reptilewinkel. Doe hawwe wy Leo ophelle!'

Hast earder ek in bysûnder húsdier hân?
'Ja, ik hie earst in blomkever. Dat is in griene kever*. Ik hie dy ek fia de buorlju krigen. Ik fûn de kever wol leuk, mar ek wer net, want je dogge der net safolle mei. Mei in burdagaam dochst folle mear, sa as him fêsthâlde. De kever hat sân moanne libbe. Kevers wurde net sa âld. De buorlju hawwe him doe opset en hy sit no yn in moai listje!'





** in kever hjit yn it Frysk eins in tuorre of krobbe en in krekel in imerke*

Wat fynst sa leuk oan in burdagaam?
'Je dogge der folle mear mei. Je moatte him alle dagen fêsthâlde om him tam te meitsjen. Leo is al hiel tam en ik kin him gewoan fêsthâlde. Hy is superleaf en byt net. Hy is gewoan relaxt.'

Wat yt Leo?
'Krekels binne syn favorite iten. Hy yt seis krekels deis. Ek yt er moalwjirms. Hy hâldt ek fan paprika en andyvje mar omdat er noch lyts is, yt er noch net in hiel soad griente. As er grutter wurdt, mei er ek sprinkhoantsjes, kakkerlakken en sil er folle mear griente ite.'

Gjit it fuorjen altyd goed?
'Nee, soms ûntsnapt der in krekel, dan springt er net yn de bak mar de oare kant op. Sa siet myn broerke ris op it húske en doe kaam der ynienen in krekel oan!'

Wat docht Leo noch mear?
'Hy kin hiel hurd as er op krekels jaget en hy kin sels springe. Soms set er syn burd op. Hy hat ek in grappige, rûne tonge en hy swaait wolris mei syn klauke oer it glês. En twa kear yn 'e wike giet er yn bad. Dan swimt er hiel skattich mei syn poatsjes en drinkt er in soad wetter.'

Wolst letter noch mear reptilen?
'Ja! Ik wol wol in slang of in skorpioen. In fûgelspin fyn ik ek leuk!'

Hast ek in boeketip foar de lêzers fan Tsjil?
'Ja! Rick en Jesper, of Rutger, Thomas en Paco. Myn favorite diel is De verkleinstraal!'



Troch: Gabrielle Terpstra - Foto's: Jacob van Essen

Poezeboekewike

Jonkje en Famke wiene ferdwaald en hawwe gelokkich in goed plakje fûn om waarm en sûn grut te wurden. Wolle jim ek in katsje of hûntsje adoptearje? Sjoch dan ris by in biste-opfang. Dêr wachtsje in soad leave bistkes op in nij hûske.

Hoi wrâld!
Ik bin der. Ik wit net wêr't ik bin of wannear't ik der bin, mar ik bin der!
Ik sjoch neat, hear neat. Ik rûk ús mem en fiel har triljen as se spint.
Ik fiel myn broerkes en suskes ek.
Wy wollle sliepe want wy binne hiel wurch.



Wy binne wer wat fierder yn 'e tiid...
Mei myn broerkes en suskes gean ik op ûndersyk út. Mem hat it mar drok mei ús...
Wy kinne no goed rinne en sjen.
Ik gean no lekker allinnich op ûndersyk út.

Mar: wat is dat no? Ik bin it paad bjuster...
Ik bin bang. Rop ús mem, mar sy komt net.
HELP!!!!

Der komt in grut ding op twa skonken oan.
Dat tilt my op en stoppet my yn in doaze.
Ik bin bang, bin kâld en ik ha honger.
Dan wurd ik nei in oare twaskonker brocht en dy jout my drinken en in waarm plak.
Ik hear dat ik al fjouwer wiken âld bin.

Wêr't ik no bin is it lekker waarm en dy twaskonker soarget goed foar my. Ik krij genôch iten en drinken. It is hjir fijn.
Mar ik mis myn broerkes en suskes wol hear...

Gelokkich komt ien fan myn suskes op besite. Se mei by my bliuwe.
Tegearre boartsje en de wrâld ûntdekke is folle aardiger as allinne...
It libben is moai. En tegearre hâlde wy derfan om papier te fersnipperjen.

Dy nuvere twaskonker neamt ús no Jonkje en Famke.
Noch gekker: hy hat allegearre nuvere dingen yn 'e hûs. Dy neamt er boeken.
Dêr kin ik moai mei boartsje, want dy boeken binne fan... jawis: papier!
Ik doch wat dy gekke twaskonker docht, mar dan krekt wat oars... Hy sjocht yn de boeken en ik boartsje dermei. Wy fersline se allegearre!

Troch: Rob van der Rol



Spinnen

Der binne op ’e wrâld in hiele protte bisten. Dy bisten ha allegearre ferskillende skaaimerken (kenmerken). Mar der binne ek oerienkomsten tusken de soarten. Troch de oerienkomsten kinst bisten yn ferskillende groepen ferdiele. De bekendste groepen binne de sûchdieren, de fûgels, de fisken, de reptilen en de amfibyen. Hiel faak wurde dan ek de ynsekten neamd. Mar eins is dat net hielendal goed.

Ynsekten foarmje in ûnderdiel fan wer in folle gruttere groep. De groep fan de ‘ongewervelde’ bisten. Bisten sûnder bonken dus. En dy groep bestiet wer út ferskillende soarten. Njonken de ynsekten binne dat û.o. de tûzenpoaten, de kreeften en de spinnen.

Alle spinnen hawwe deselde bou. Se hawwe acht poaten, in kopboarststik mei acht eagen, in achterliif mei spintepels (om in tried te spinnen), gifkaken en twa teisters (sprieten) foar op ’e kop.

Spinnen falle op omdat se in spinreach, in web meitsje. Mei dy spinreagen fange se har iten. Foaral yn ’e hjerst kinst dy spinreagen goed sjen. Moarns betiid hingje se faak fol daudripkes. Net alle spinreagen binne gelyk. Der binne tsjil-spinreagen, hingmatte-spinreagen en trechter-spinreagen. En net alle triedden fan in spinreach kleve. Oars soe de spin der sels yn fêstreitsje. In spin wit hiel goed watfoar tried feilich is om oer te rinnen.

Spinnen ha soms de frjemdste nammen. Wat fynst fan: de wolfspin, sebraspin, krússpin, hússpin, hingmattespin, swarte widdo (weduwe), lassospin of komkommerspin? En witst dat gemiddeld yn elk hûs mear as 1000 spinnen wenje? Fierwei de measten sitte ûnder de flier. Troch



klimaatferoaring feroaret it leefgebiet fan guon bisten. Bisto de Falske Wolfspin al tsjinkommen yn ús lân?

Meitsje in spin net dea. It binne nuttige bistkes. Ast in spin net yn ’e hûs ha wolst, set dan in glês of plestik bakje oer de spin, sko der in stikje papier of karton ûnder en bring de spin nei bûten.

Troch: Jurjen van der Meer | Foto: Teun Veldman

Efkes op stap

Fynsto it aardich om bûten skoaltiid ris wat oars te dwaan? Tsjil hat foar dy in pear útstapkes útsocht. Ofst no yn de fernijde Harmonie nei in moaie foarstelling wolst, dyn talinten ûntdekke wolst of in dei in echte natoerûndersiker wêze wolst, gean der op út! Sikest mear tips? Sjoch dan ris op www.friesland.nl.



Untdek dyn talint

Talint... Elkenien hat it. Wurdst der sels mei berne. Mar hoe komme je derachter wêr’t je talint foar hawwe? Meastal sit in talint ferstoppe yn eat dat je hiel leuk fine. Wêr’t je hast net mei ophâlde kinne as je der ienkear oan begjinne. Net alle talinten binne efkes sichtber, mar wol weardefol. Dogge wat je leuk fine én wêr’t je goed yn binne jout selsbetrouwen en wille! De bernetalinteflúster helpt dy op wei om de earste stappen te setten rjochting it ûntdekken fan dyn talinten. Dizze aktiviteit is foar bern fan 8 o/m 18 jier. Sjoch foar data, plak en ynskriuwen op de webside fan dbieb.



Foarstelling Kakek, Opa & Ik

‘Wêrom fiel ik my sa lilk?’ Soms fielt it as wennet der in stoarm yn Novi syn boarst. Gjinien wit wêrom. En sy sels al hielendal net. Op in dei, as de stoarm der wer is, flechtet Novi de souder op. In âlde, stoffige plak fol doazen, fergiele foto’s en de rook fan lang lyn. Mar dan bart der wat frjemds: twa mysterieuze figuerkes ferskine – fjochtsjend, âljend, en as se Novi sjogge, flechtsjend. Se ferdwine elk yn in oar fotoboek. En Novi? Dy springt der achteroan.
Snein 15 novimber, 15.00 oere
Stadsschouwburg de Harmonie, Ljouwert



Uleballen útplúzje

Bisto in echte natoerûndersiker? Yn Appelskea kinst mei in natoergids op ûndersyk út. Do pluzest úleballen út en ûntdekst sa wat in ûle allegear yt. Miskien fynst wol bonkjes fan mûzen of oare lytse bisten! De aktiviteit is by it Bûtensintrum Drents-Friese wold, in grut natoergebiet dêr’t in soad ûlen libje. Underwilens learst fan alles oer dizze bysûndere rôffûgels. In bytsje goar? Miskien. Mar foaral hiel nijsgjirrich!
Sneon 21 novimber
Terwisscha 6a, Appelskea



KinderKunstLAB

Wolsto lekker eksperimintearje mei keunst? Yn it KinderKunstLAB yn Harns kinst alle tongersdeitemiddeis tekenje, skilderje, nivelje en bysûndere keunstwurken meitsje. Kinst mei allerhanne materialen oan de slach, lykas houtskoal, kryt, ferve, karton, plestik, izertried, skulpen en tou. Soms is der in spesjaal tema of ûntdekst it wurk fan in bekende keunstner. Do hoechst dus echt gjin keunstner te wêzen: it wichtichste is datst wille hast by it meitsjen. Miskien giest wol nei hûs mei in keunstwurk datst sels betocht hast!
Alle tongersdeis, 15.00-16.30 oere
Werkplaats12, Nieuwe Trekweg 12, Harns

In hiel sirkus



‘Nije wike hâlde we de biste-show’, seit juf.
‘We sammelje jild yn foar it biste-asyl.’
‘Ik haw de ferdieling op it boerd skreaun’.

- *Ponnyride (Baukje, Fardou, Maaike, Marlou + mem fan Fardou)*
- *Kij melke (Brecht, Julia, Maud + heit fan Brecht)*
- *Hûneshow (Its, Mo, Charim, Hylke)*
- *Bijekasten (Milo, Fahrid, Esther + mem fan Brecht)*
- *Rôffûgelshow (Wytske, Marten, Esmee, + heit Marten)*

‘Jaaaa!!!’ Wytske dûnset om de tafel hinne.
‘Ik mei meidwaan mei de rôffûgelshow!’ ropt se bliid.
‘Mei ik dan ek de rôffûgel op ’e earm hawwe?’
‘Ik tink it wol’, knikt Marten.
‘Ik sil it heit freegje.’
‘Bin ik no noch immen ferjitten?’
Juf sjocht de klasse yn.
Jelte stekt hoeden in finger op.
Stikem hopet hy dat juf it net sjocht.
Hy fynt bisten eins mar grizelich.
Seker as se skerpe tosken en klauwen hawwe.
De hûn fan omke Rins hat him sels al in kear biten.
‘Och Jelte, binne we dy ferjitten’, seit juf op skrokken toan.
‘Is der in groepke dêr’tst by helpe wolst?’
Jelte lûkt oan de skouders.
‘No ik hear it nije wike wol fan dy’, seit juf.

‘Do sjocht net bliid’, seit buorman.
‘Wat is der oan Jelte?’
Jelte bliuwt stean.
‘We hâlde nije wike in biste-show,’ fertelt Jelte.
‘Mei ponnys, kij, hûnen, bijen en rôffûgels.
Mar ik bin bang foar al dy grutte bisten
mei skerpe tosken, klauwen of angels.’
‘No dat begryp ik’, knikt buorman.
‘Dêr hâld ik sels ek net fan.’
‘Kom mar ris mei, ik wit krekt wat foar dy’.
Buorman rint nei de wenkeamer.
Hy kriget in grutte koffer beet en klapt him iepen.
‘Wat is dat?’
Ferbjustere sjocht Jelte nei de koffer.
‘It liket wol in minisirkus’, seit Jelte.
‘Dit is in flieësirkus’, seit buorman.
Hy jout Jelte in loep.
‘Sjochst dy lytse bisten?’ freget er.
‘Dat binne flieën.
‘Se sitte oan in toutsje fêst.
Se binne hiel sterk
en se kinne wol in meter fier springe’.
‘Wow, wat cool’, seit Jelte.
Buorman bynt in toutsje oan in lyts koetske.
‘Hy lûkt de koets’, ropt Jelte ferbjustere.
‘Hy kin noch folle mear’, seit buorman.
Het set in flie op in bal.
De flie springt en plop de bal sjit yn it goal.
‘Hy skoart!’ Jelte wit net hoe’t er it hat.
‘Ja, dizze bisten binne wiere topskoarders’, laket buorman.
‘Sil ik dy de trúkjes leare?
Dan kinne wy tegearre optrede nije wike.’
‘Jaah!’ ropt Jelte bliid.
‘Dat doar ik wol.’

It is de dei fan ‘e grutte biste-show.
Der binne in soad minsken.
Heiten, memmen, broerkes, suskes,
pakes, beppes en noch folle mear minken.
Jelte skitteret en lûkt alle oandacht.
By syn optreden binne alle plakken hieltyd fol.
De minsken roppe: ‘wow!’ en ‘hoe kin dat no?’
Jelte is sa grutsk as in pau.
Mar dan, by it lêste optreden giet it mis.
‘Bijke hjir komme!’
‘Bijke koest, af!’ ropt Charim.
Mar hûn Bijke hat poes Moorke sjoen.
Bijke en Moorke drave dwers troch it publyk hinne.
Charim en Mo drave der efteroan.
Moorke springt boppe op it flieësirkus
en Bijke sprint boppe op Moorke.
‘Ooh nee! No is it sirkus stikken.’
Jelte is hiel fertrietlik.
‘It falt ta, we kinne it wol wer meitsje’, treast buorman him.
‘Mar de flieën, ik sjoch se net mear’, gûlt Jelte.
‘Se binne fuort.’
Jelte, buorman en it publyk sjogge om har hinne.
‘Ik sjoch se al’, seit buorman nei in skoftke.
Hy wiist nei Bijke en Moorke.
Beide binne drok oan it jokjen.
‘Se sitte no op Bijke en Moorke’, seit buorman.
‘Nei it iten fange we se wol wer.’
‘Wat in sirkus hjoed.’



Troch: Berber Splietho

Boeketip

Meester Kikker fan skriuwer Paul fan Loon. Dit boek giet oer in master mei in geheim. ‘Soms bin ik in kikkert. Dat is myn super geheim. Gjinien mei it witte, allinnich jim.’ Sita, Wouter en de oare bern yn ’e klasse laitsje. Leuke grap fan de master. Oant er op in dei de klasse yn komt mei einekroas yn it hier. Syn klean binne wiet en skuord. De master is oanfallen troch in earrebarre, seit er.



Roald Dahl

Roald Dahl wie in hiel bekende skriuwer. Hy skreau boeken as *Matilda*, *Sjakie en de chocoladefabriek* en *De GVR*. Foardat er begûn mei boeken skriuwen wie er piloat yn de Twadde Wrâldoarloch en dêrnei ek noch in geheim spion. Roald wie in unike man, sa skreau er syn boeken yn syn eigen skriuwhokje en brûkte dan altyd seis slipe giele potleaden. Hy hat sels syn eigen wurdboek mei sels betochte wurden út syn boeken.



Bisteweetsjes

Dalmasiërs wurde hielendal wyt berne en krije letter pas stippen. Der binne kikkerts dy’t de winter oerlibje troch oant wol 70% te befriezen, en dan yn de maitiid wer te ûntteien. Kolibrys binne de iennige fûgels dy’t achterút fleane kinne. Ek kinne se op de kop fleane en sels stil hingje yn de loft. Oaljefanten hawwe wol 150.000 spieren yn harren slurf. Hjirmei kinne se drinke, kommunisearje, sykhelje en as in soarte fan snorkel brûke yn it wetter.



Nûmerrekôrs

Kim Peek hat in unyk talint. Hy kin mei syn eagen twa ferskillende dingen tagelyk lêze. Kim kin dit troch in seldsume harsenoandwaning. Hy kin dit ek nochris hiel fluch. Hy kin nammentlik 10.000 wurden yn de minút lêze. Howard Berg kin dat noch flugger, hjirmei hat er in wrâldrekôr op syn namme stean. Howard kin wol 25.000 wurden de minút lêze. Dat is wol fiif kear dizze Tsjil!



Boekeweetsjes

It swierste boek fan de wrâld weaget 1420 kilo, dat is like swier as in auto! It lytste boek is sa lyts as de punt fan in nulle, dat kinst allinnich lêze mei in mikroskoop. It djoerste boek is ferkocht foar 30 miljoen euro. Der bestiet in itensiedersboek dat makke is fan pastadaai. Neidatst it boek lêzen hast, kinst it sa yn de lasanje dwaan en opite! In printsjeboek klinkt hiel nij, mar it âldste printsjeboek is al 350 jier âld!



Bonobo Kanzi

Kanzi, berne yn oktober 1980, is in hiel tûke aap. Hy kin sels spitigernôch net lêze mar hy kin wol plaatsjes begripe en dêrmei oanjaan wat er wol. Ek kin er hiele sinnen begripe en dwaan wat him ferteld wurdt. Sa kin er helpe yn de keuken, sels fjoer meitsje en games spylje lykas pacman. En kin hy fan stiennen ark meitsje en dat brûke. Dit gedrach is him oanleard troch minsken.



Quokka

Hasto wolris fan Quokkas heard? Se sjogge der hiel leaf út, wat se faak ek binne, mar it bliuwe wol wylde bisten. Se binne bot wend oan minsken, guon ha sels trúkjes oanleard om oandacht te krijen fan minsken. Quokkas binne wallabys. Dat binne in soarte fan kangaroes. Se hawwe ek in ponge (buidel) lykas kangeroe, dêr’t har jong wol 6 moanne yn bliuwt. Dit skattige bistke komt allinnich foar yn Australië, huppelet wat oer de grûn en is mar 40 oant 56 sintimeter.



Witsto dit oer katten?

Katten komme hast altyd op har poatsjes terjochte en kinne in fal fan in grutte hichte oerlibje. Sa is der in kear in kat 100 meter nei ûnderen fallen, wat like heech is as 340 Tsjil-boekjes rjochtop! De âldste kat op ‘e wrâld is 38 jier wurden. Dat stiet gelyk oan 168 jier yn minske-jierren. Katten lykje ek wol in bytsje op minsken, se kinne nammentlik links- of rjochtspoatich wêze. Noch wat grappichs is dat se sa’n 70% fan har libben sliepe; dat is wol 12 oant 16 oeren deis!



Troch: Wytske van Akker

Nij spultsje

Ien Wurd

boartsjendewei mear Frysk prate

Ien Wurd is in kreatyf en tagonklik Frysk taalspul dat bern útdaget om wurden te beskriuwen, te ferlykjen en te rieden. Mei mar ien wurd as hint moatte spilers goed neitinke, nei inoar lústerje en harren Fryske wurdskat aktyf brûke.





It spul makket Frysk praten fanselssprekkend. Bern binne dwaande mei taal, mar it fielt as in spannend spul yn stee fan in les. Dêrtroch past Ien Wurd sawol yn de klasse as thús. Mei trije nivo's en ferskate spulfarianten kin it spul oanpast wurde oan de leeftiid, taal-feardigens en it ferlet fan de spilers.

Hoe wurket Ien Wurd?

1. In spiler nimt in kaart en kiest yn it geheim in nûmer.
2. It wurd dat by dat nûmer heart, is it wurd dat rieden wurde moat.
3. De oare spilers betinke elk ien wurd dat by it haadwurd past.
4. Elkenien skriuwt de hint op sûnder mei in oar te oerlizzen.
5. Dêrnei wurde alle wurden mei-inoar ferlike.
6. Hints dy't mear as ien kear foarkomme, falle ôf.
7. De unike hints bliuwe oer en de spiler mei it Fryske wurd riede.

Ien wurd is te bestellen fia websjop fan Semko.nl





Resept

Pumpkin spice cupcakes



It is wer hjerst. De temperatueren sakje, de blêden dwarrelje fan de beammen en jouwe de strjitten kleur. Halloween komt der wer oan, dat is in iuwenâlde tradysje yn in soad lannen wêrby't eartiids fierd waard dat alle rispingen (oogsten) binnen wiene. Hjoed-de-dei geane yn guon lannen bern by de doarren lâns foar snobbersguod. Yn Nederlân dogge wy dat eins mear mei Sinte Marten. Dochs fine wy it útholjen fan pompoenen wol in moaie aktiviteit yn 'e hjerst. It is moai wurk om grappige of inge gesichten út te snijen. Asto dat ek wolris dochst, goai it fruchtfleis dan net fuort, mar meitsje der sop of dizze hearlike pumpkin spice cupcakes fan. Gean dêrnei lekker op 'e bank sitten mei in tekken, lês in spannend boek en genietsje fan de cakejes!

Tip: smyt ek de pitsjes net fuort, se binne hiel sûn en je kinne hjir in hiel soad mei meitsje.

Wat hast nedich?

Foar 12 cupcakes
- 120 gram blom
- 1 tl bakpoeier
- 0,5 tl baking soda
- 0,25 tl sâlt
- 2 tl pumpkin spice krûden
- 1 tl kaniel
- 125 gram pompoen puree
- 120 ml oalje
- 100 gram ljochtbrune basterdsûker
- 2 aaien
- 1 tl fanylje ekstrakt
- cupcakefoarmkes

Foar de topping:
- 180 gram bûter op keamertemperatuer
- 300 gram Philadelphia suvelspread op keamertemperatuer
- 20-50 gram poeiersûker
- 1 tl kaneel



Hoe makkest de cakejes?

Pompoen puree
Snij de skyl fan de pompoen ôf, helje de pitten en it fruchtfleis derút. Sier it fruchtfleis yn in bytsje wetter sa'n 15-20 minuten. Roasterje it dan yn de oven en purearje it mei in staafmikser of blender.

Cakes
1. Doch de drûge yngrediïnten (blom, bakpoeier, baking soda, sâlt en krûden) yn in kom en ming trochinoar.
2. Miks dan de aaien, oalje, sûker en fanylje ekstrakt der trochhinne. Rier de drûge yngrediïnten sa koart mooglik troch de wiete.
3. Rier as lêste de pompoenpuree dertroch hinne.
4. Ferdiel it beslach oer de papieren foarmkes.
5. Bak 15 minuten op 180 graden .

Foar de topping:
Klopje bûter rjemmich. As it in glêde massa is, dochst de suvelspread, poeiersûker en kaniel derby en miks dit 1-2 minuten troch inoar. Hâld op mei miksen as it moai luchtich is!

Troch: Wytske van Akker

Boeketips



Adam en syn tuba

Skreaun troch Žiga X. Gombač, oerset troch Tjitske van Dijk
Yllustrearre troch Maja Kastelic

Adam komt net út in gewoane famylje. Pake Andrys kin gefaarlike dingen mei swurden, beppe Antonia blaast plommen fan fjoer en syn heit en mem dûnsje heech yn 'e tinte oer in koard. Oare famyljeleden jonglearje of meitsje spektakulêre minsklike pyramides. Adam fynt neat oan sokke dingen en de famylje makket har soargen. Wat ha se ferkeard dien? Mar dan seit ien: 'Wat as wy Adam ris freegje wat hy it leafst docht?' En dan wurdt alles oars. Wêr komt dochs dy moaie muzyk wei? Soe dat Adam wêze kinne?

**Dit boek is ek yn it Ingelsk, Dútsk, Frânsk en oare talen beskikber*

Tip foar juffen en masters: sjoch foar lesideeën by Adam en syn tuba en Anton yn it museum op www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl/berneboekewike

Anton yn it museum

Skreaun en yllustrearre troch Mirjam van Houten



Anton komt fan 't bêd, klaait him oan, yt, en nimt de bus nei kantoar. Alle dagen wer. Op in dei sjocht Anton in poster fan in skilderij, hy lit de bus trochride en giet nei it museum. En dan wurdt alles oars...
Wat oaren sizze oer it boek: Anton in het museum is tweetalig uitgebracht. Dat is maar goed ook, want dit boek dat vertelt hoe kunst de sleur doorbreekt en het leven bijzonder maakt is er daardoor voor alle Nederlandse lezers.



Lês mar sels!

Skreaun troch ferskate skriuwers - Yllustrearre troch Aart Cornelissen

De bern fan Terpsyl sille op aventoer! Se rêde in kat, klimme op it dak, geane mei in skip op reis, kampeare yn 'e tún en noch folle mear! Mei dit Lês-mar-sels-boek kinne begjinnende lêzers harren Frysk lêzen oefenje en allegear aventoeren belibje. Yn de ferhaaltsjes fan Stasjon 1 lêze se ienfâldige wurden en koarte sinnen en troch it boek hinne oefenje de lêzers hieltyd mear klanken, langere wurden en sinnen. Sa ûntdekt elkenien: lêze yn it Frysk is leuk en hielendal net yngewikkeld!

Ate en de seeheks

Skreaun en yllustrearre troch Elbrich Vreeling



Lâns de Gaasterlânske kliffen wenje de klifminskjes. De kâns datst ien tsjinkomst is net sa grut, want se binne mar hiel lyts en at se minsken sjogge krûpe se gau fuort. Klifmantsje Ate wennet oan it Marder Klif. Op in dei krijt er in brief fan syn omke, dy't slim siik is. Hy freget at Ate foar him nei de seeheks yn Laaksum gean wol. Har drankjes hawwe al hiel wat klifminskjes better makke. Mar Ate hat ek heard dat se it net stean hat op klifmannen. Sa is der in ferhaal dat se in kear in klifmantsje feroare hat yn in wjirm. Ate grizelet at er dêroan tinkt. Hy doart net nei dy heks! Mar hy kin syn omke toch net yn 'e steek litte?

Lêsbingo

Wa fan jim kin in krúske sette yn alle rûntsjes?
Doch dizze hjerst mei oan de lêsbingo fan Tsjil!

Ik lês...



op 'e grûn
om't it moat
in grizelferhaal
op 'e lêste side fan myn boek
mei in bakje tee
yn bad (of krekt ûnder de dûs wei)
mei myn húsdier of knuffel op skoat
in boek oer bisten
foar it sliepen
de Tsjil!

Yn Ljouwert, Nes en it Hearrenfean binne strjitten nei har ferneamd. Mar ek yn Leiden, Almere, Grins en Haarlem. Yn Dokkum draacht in skoalle har namme. It giet hjir oer

Nynke fan Hichtum



Nynke fan Hichtum waard berne yn 1860 yn Nes, boppe Dokkum. Nynke wie skriuwster fan berneboeken. Dy wiene der yn dy tiid hast net. Sy skreau meast yn it Nederlânsk.

Se fûn dat bern ek oer oare lannen lêze moasten. Dêrom skreau se oer folken lykas Inuit (destiids Eskimo's) en Afrikaanske minsken. Se hat ek in protte boeken oerset út oare talen. Benammen mearkes en ferhalen.

Har bekendste boek wie *Afkes Tiental*, dat yn 1903 útkaam. It giet oer in hiele earme hûshâlding mei tsien bern. Yn Fryslân wie doe hiele grutte earmoed. Mem Afke, de haadpersoan yn it boek, bringt har tsien bern yn earmoed mei in protte leafde grut. It boek waard in súkses en kaam yn hast alle talen fan de wrâld út.





Byld Afke's tiental yn Wergea

Letter wenne Nynke mei har soan yn Utert. Dêr hat se noch in protte wurke oan mearkes (sprookjes) en fertaalde boeken út de hiele wrâld nei it Frysk. Oan 'e ein fan har libben skreau se noch trije boeken dy't yn Fryslân spilen. Ien dêrfan is *De Jonge Priiskeatser*.

Nynke fan Hichtum stoar yn 1939. Der bestiet noch altyd in priis foar skriuwers fan berneboeken: de Nynke fan Hichtumpriis.

Sy wie tige wichtich foar de ûntwikkeling fan berneboeken. En dêrom binne der ek safolle strjitten nei har neamd. En ek de skoalle yn Dokkum fansels.

Troch: Youvan Bergsma

Puzelside

Trochstreekpuzel

Streekje de letters fan de wurden fuort yn de puzel. De letters dy't oerbliuwe, foarmje in wurd. Kinsto de puzel oplosse? Skriuw dat wurd yn in e-mail en stjoer dy foar de krystfakânsje nei **tsjil@cedin.nl**. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailtsje.

j	i	e	r	d	e	i	a	r
s	l	n	o	e	r	e	u	e
k	i	m	a	a	r	t	g	b
i	r	ê	y	n	u	j	u	m
e	p	h	r	s	g	h	s	i
p	a	j	e	m	e	c	t	s
y	t	e	t	o	i	i	u	e
l	i	r	n	s	t	m	s	d
u	a	s	i	k	d	i	i	t
j	a	t	w	s	n	o	e	k

Aai
April
Augustus
Desimber
Geit
Hjerst
Jierdei
July
Juny
Maart
Mich
Mosk
Oere
Skiep
Snoek
Tiid
Winter

Antwurd:



Sudoku

Yn alle fakjes heart in sifer fan 1 oant 9 te stean. Folje de hokjes sa yn dat yn alle rigen (fan links nei rjochts), alle kolommen (fan boppe nei ûnderen) en yn alle blokken de sifers 1 oant en mei 9 ien kear foarkomme.
Tip: begjin mei kolom 6 (fan links ôf besjoen).

5		6	4		2		9	
3					1	4		
	1		5		7	6	3	
9	3				5			1
2				4		7		
		5		8	3	2	6	
7		1			6			4
	5	2	9			3	8	
			2		8	5	1	

Praat mar toaniel!



Strobke is in jonkje dat libbet oan it begjin fan de 20ste iuw. Hy is wees, makket in soad ferfelende dingen mei, mar bliuwt fleurich. En ûndogensk. It leafste wol er syn heit en mem werom fine. Mar sa maklik giet dat net. It ferhaal is basearre op it ferneamde boek Kruimeltje.

In rige fan 12 toaniellêsboekjes foar de groepen 5 oant 8 fan it primêr ûnderwiis en de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. Dyn gefoelens en gedachten bringst yn dyn eigen taal it bêste ta útdrukking. By Praat mar Toaniel! geane learlingen op in fleurige en ynspirearjende wize mei Frysktalige toanielteksten oan de slach. It lêzen en spyljen fan teäterstikken yn it Frysk set oan om mear Frysk te lêzen, te praten en mooglik ek te skriuwen.

Troch Jurjen van der Meer en Tjitske van Akker



Josje Museum







Troch: Luuk Klazenga